

SKRIFTLIKE FRAGEN, op grûn fan Kêst 41 Reglemint fan Oarder

Rjochte oan DS / lid DS	<p>Poepjes</p> <p>Underwerp: ûndertiteling rieds- en PS útstjoeringen</p>
Ynliedende taljochting (fakultatyf)	<p>De Europeeske Uny hat yn 2016 rjochtlinen (1) oannaam om ynformaasje en tsjinsten fan de oerheid foar elkenien tagonklikker te krijen. De steatssiktaris Raymond Knops (Ynlânske Saken) hat de EU-rjochtlíne omset yn in beslút fan it Ryksregear (2). Konsekwinsje is dat û.o. rieds- en PS gearkomsten op websiden tenei ûndertitele wurde moatte. Yngongsdatum is 23 sept 2020. De ûndertiteling hoecht net live, it fideoferslach mei nei de tiid ûndertitele wurde. Lytse oerheden meie ôfsjen fan ûnderdielen fan de nije regels fan it Ryk as dit in 'onevenredige last' meibringt.</p> <p>Fryske gemeenten wrakselje no mei de tapassing fan dizze regels yn ferbân mei it ûndertiteljen fan sprutsen Frysk (3).</p> <p>Wet Gebrûk Fryske Taal</p> <p>Op grûn fan de Wet Gebrûk Fryske Taal yngien per 1 jan 2014 (4) hat elk it rjocht om Frysk te praten, en moat alles wat yn it Frysk sein wurdt yn in gearkomste fan in oerheidsorgaan yn Fryslân (gemeenteried, PS, Wetterskip) ek yn it Frysk yn it ferslach komme (5).</p> <p>De wet hat it allinnich oer it Frysk. Foar de streektalen lykas Bildtsk en Stellingwarfs / Nedersaksysk is dit allegear net regele.</p> <ul style="list-style-type: none"> (1) Richtlijn (EU) 2016/2102 van het Europees Parlement en de Raad van 26 oktober 2016 inzake de toegankelijkheid van de websites en mobiele applicaties van overheidsinstanties (PbEU 2016, L 327) (2) Staatsblad 2018-141 Besluit van 3 mei 2018, houdende tijdelijke regels betreffende de toegankelijkheid van de websites en mobiele applicaties van overheidsinstanties (Tijdelijk besluit digitale toegankelijkheid overheid) (3) Friesch Dagblad 24 okt, 28 des 2019 en LC 4 jan 2020 (4) Wet van 2 oktober 2013, houdende regels met betrekking tot het gebruik van de Friese taal in het bestuurlijk verkeer en in het rechtsverkeer (Wet gebruik Friese taal) (5) Wet gebruik Friese taal, artikel 9 lid 2
Fraach / fragen	<ol style="list-style-type: none"> 1. Hoe tinkt it Kolleezje foar de frege ûndertiteling te kommen ta in oplossing dy't foldocht oan de easken fan de Wet Gebrûk Fryske Taal en dy't rjocht docht oan alle sprutsen talen? 2. Hoe sit it neffens it Kolleezje yn relaasje ta de Wet krekt juridysk mei skriftlik Frysk / ûndertitels yn in fideoferslach as formele delslach fan de rieds- of PS

	<p>gearkomsten? Binne de rjochten fan de yndividuele Frysksprekker as lid fan in erkende nasjonale minderheid yn NL hjirby ek noch fan belang?</p> <p>3. De Provinsje hat in steand belied en budzjet om de ûntwikkeling fan technyske digitale helpmiddels foar it Frysk te befoarderjen. Der is ek mei provinsjaal jild in Fryske spraakwerkningssoftware ûntwikkele by de Fryske Akademy (dy't ek mei it Bildsk en op termyn mei it Stellingwarfs/Nedersaksysk út de fuotten kin). Neffens ynformaasje soe in systeem faaks noch foar de simmer 2020 operasjoneel makke wurde kinne. Is it Kolleezje ree om út it neamde budzjet de trochûntwikkeling fan de spraakwerkningssoftware te stimulearjen foar gebrûk by de frege ûndertitelingen?</p> <p>4. Der is ek in apart budzjet binnen it provinsjale taalbelied fan 5 ton foar stipe oan gemeenten by de ymplementaasje fan harren Frysk taalbelied. Kin dit ek ynset wurde foar de frege Fryske ûndertiteling fan riedsferlaggen?</p> <p>5. Wolle jo ek it Ryk oansprekke op de omsetting fan de Europeeske rjochtline spesifyk yn relaasje ta de easken fan de Wet Gebrûk Fryske Taal 2014? Wolle jo dan ek in finansjele bydrage fan it Ryk bepleitsje foar spesifike helpmiddels foar in 'tagonklike oerheid' te brûken yn de Twadde Rykstaal?</p> <p>6. Op dit stuit leit in rommelich ferskaat fan oanpak fan de Fryske ûndertiteling by de gemeenten op de loer. Lykas ek by de Fryske plaknammen bard is. Utfiering fan wetlike easken oangeande it Frysk kin net oerlitten wurde oan de goede wil fan in aanbieder of de tafallige beskikberheid fan in Frysktalich personiel. Soks heart yn it Programma fan Easken foar de frege ûndertitelingstsjinsten boarge te wurden. Kinne wy neffens it Kolleezje ek ta op in generike regeling foar hiel Fryslân? Binne jo ek ree om as Taalskipper dit by de gemeenten te befoarderjen en harren fan korrekte ynformaasje oer dit ûnderwerp te foarsjen?</p>
--	---

Yntsjinner(s)	(fraksje / namme / hântekening) FNP, Corlienke de Jong
---------------	---

Datum	8 jannewaris 2020
-------	-------------------